

HUSHALDLIK REGLEMINT

fan

IT FRYSK BOUN OM UTENS

Fêststeld yn de Algemeine Gearkomste
op 15 novimber 2008
yn Bennekom

YNHALD

	kêst	side
Namme	1	2
Begripen	2	2
Leden	3	2
Eareleden	4	3
Stipers	5	3
Jildsaken	6	3
Ferplichtingen en wensten fan lidkritten	7	3, 4
Dielen	8	4
Bestjoer	9 o/m 12	4, 5
Algemeine Gearkomste	13 o/m 18	5, 6, 7
Sintrale Boeke Ferkeap	19	7
Net foarsjoen	20	7
Wiziging fan it Húshâldlik Reglemint	21	7

NAMME EN BEGRIPEN

Kêst 1

1. De feriening **IT FRYSK BOUN OM UTENS**, kin by ferkoarting neamd wurde it Bûtenboun, it Boun of FBOU.

2. De karbrief fan it Boun jout de mooglikheid om yn in húshâldlik reglemint neiere regels te jaan oangeande de ynrjochting fan it Boun. Dit reglemint sil gjin betingsten omfiemje dy't yn striid binne mei de karbrief fan it Boun.

Kêst 2.

Begrepen wurdt yn dit Húshâldlik Reglemint ûnder:

karbrief:	de karbrief fan it Boun
Algemeine Gearkomste:	de gearkomste fan de leden fan it Boun
bestjoer:	it bestjoer fan it Boun
leden:	lidkrite en fersprate leden
lidkrite:	in feriening dy't lid is fan it Boun
ferspraat lid:	in natuerlik persoan dy't lid is fan it Boun

LEDEN

Kêst 3

1. Alle ferieningen en natuerlike persoanen, dy't de grûnslaggen fan it Boun ûnderskriuwe, kinne it lidmaatskip fan it Boun oanfrege by it bestjoer. It bestjoer kin om oanfoljende ynformaasje freegje.

2. It bestjoer beslút oer it talitten fan ferieningen ta lidkrite en fan natuerlike persoanen ta ferspraat lid, mar sil in oanfraach net honorearje as it lidmaatskip neffens it bestjoer net foldocht oan de easken fan it bestjoer of argewaasje jaan kin by ien of mear leden fan it Boun.

3. As in oanfraach net troch it bestjoer ynskewiele wurdt, wurdt de oanfreger dat skriftlik meidiel. De oanfreger kin binnen trije moannen nei de ôfwizing skriftlik yn berop gean by de Algemeine Gearkomste, dy't it berop yn har earst folgjende gearkomste behannelet.

4. It lidmaatskip einiget as:

- a. in lid betanket;
- b. in lidkrite ophâldt te bestean of as in ferspraat lid ferstjert;
- c. in lid skrast wurdt.

5. It lidmaatskip begjint as it lid de skriftlike meidieling fan akseptaasje krigen hat fan it bestjoer. It lidmaatskip einiget nei betankjen op de ein fan it rinnende boekjier. Betankjen moat op syn minst trije moannen foar de ôfrin fan it rinnende boekjier skriftlik by it bestjoer ynbrocht wurde.

6. It bestjoer kin immen as lid skrasse as it bestjoer dat yn it belang fan it Boun achtet. In lid dat skrast is, kin binnen trije moannen nei de skriftlike meidieling fan it skrassen skriftlik yn berop gean by de Algemeine Gearkomste, dy't it berop yn har earst folgjende gearkomste behannelet.

7. De Algemiene Gearkomste beslút oer in berop fan in net akseptearre oanfreger ta it lidmaatskip en oer in berop fan in skrast lid mei meartal fan it tal skriftlik jildich útbrochte stimmen.

EARELEDEN

Kêst 4

1. Eareleden wurde allinnich op útstel fan it bestjoer troch de Algemiene Gearkomste mei meartal fan de útbrochte stimmen beneamd.

2. Ien earelid kin ta earefoarsitter beneamd wurde as minstens twatredde fan de skriftlik útbrochte stimmen fan de Algemiene Gearkomste soks ornearret. De earefoarsitter wurdt as riedsman fan it bestjoer beskôge en kin troch it sittende bestjoer útnoege wurde de gearkomsten fan it bestjoer by te wenjen. De earefoarsitter kin ek op eigen manneboet advys jaan oan it bestjoer.

3. In earelid hat deselde rjochten en plichten as de fersprate leden fan it Boun, útsein it beteljen fan de ynlage.

STIPERS

Kêst 5

Stipers kinne harren opjaan by it bestjoer fan it Boun. Yn de mande wurdt ôfpraat wat it stypjen ynhâldt.

JILDSAKEN

Kêst 6

1. De ynlagen fan de leden (lidkriten en fersprate leden) wurde fêststeld troch de Algemiene Gearkomste op útstel fan it bestjoer.

2. De ynlage fan de lidkriten is basearre op it tal leden dat in lidkrite hat op de ein fan it foarige boekjier fan it Boun.

3. De ynlage fan de leden wurdt op fersyk fan it bestjoer yn jannewaris betelle oan de ponghâlder fan it Boun.

4. Leden dy't harren ynlage net op tiid betelje, kinne skrast wurde troch it bestjoer.

5. It boekjier fan it Boun rint fan 1 jannewaris oant en mei 31 desimber.

FERPLICHTINGEN EN WENSTEN FAN LIDKRITEN

Kêst 7

1. In lidkrite is ferplichte om:

- a. alle jierren foar 1 jannewaris in koart jierferslach út te bringen oan it bestjoer fan it Boun troch it ynfoljen fan in troch it bestjoer opstelde fragelist;
- b. ien eksimplaar fan syn kriteblêd te stjoeren nei de skriuwer fan it bestjoer;
- c. fan alle feroarings fan nammen en/of adressen fan leden fan it deistich bestjoer fan in lidkrite dalik tyngte te dwaan oan de skriuwer fan it bestjoer.

2. In lidkrite kin ien eksimplaar fan syn kriteblêd nei elke skriuwer fan oare lidkriten stjoere.

3. De ponghâlder fan it bestjoer rikt alle jierren op 'e tiid oan alle ponghâlders fan de lidkrite lidmaatskipsbewizen út op grûn fan it tal leden fan in lidkrite. Dy unifoarme lidmaatskipsbewizen kinne de lidkrite brûke as lidmaatskipsbewizen foar harren leden.

4. As in lid fan in lidkrite in útfiering of wat dan ek bywenje wol fan in oare lidkrite, kin it bestjoer fan de lêst neamde lidkrite beslute it lid op deselde wize ta te litten as jildt foar de eigen leden, útsein de jiergearkomste en de Nijjiersgearkomste, dy't ornaris allinnich foar eigen leden tagonklik binne.

5. As in lidkrite ophâldt te bestean, kin de krite ornearje dat tegoeden en/of eigendommen of in diel derfan en it argyf oan it Boun takomme en kin de krite ornearje dat de ledelist, nei oerlis mei de leden, tastjoerd wurdt oan de skriuwer fan it Boun en/of oan de skriuwers fan omlizzende krite.

DIELEN

Kêst 8

1. Om it oparbeidzjen tusken de lidkrite ûnder menoarren te fersterkjen, kinne dielen foarme wurde.

2. De bestjoeren fan lidkrite, dy't mei-inoar in diel foarmje, foarsjogge sels yn harren mienskiplike lieding.

3. It bestjoer wiist foar elk diel in Bounbestjoerslid oan, dy't belêstige is mei it ûnderhâlden fan it kontakt mei de bestjoeren fan de lidkrite en mei it dielsbestjoer. Dy persoan kin troch it dielsbestjoer en de kritebestjoeren útnoege wurde om gearkomsten by te wenjen.

4. De kosten fan it dielsbestjoer binne foar rekken fan de lidkrite fan it oangeande diel.

BESTJOER

Kêst 9

1. De deistige lieding fan it Boun leit yn hannen fan it bestjoer. It bestjoer soarget foar de útfiering fan de besluten fan de Algemiene Gearkomste. It nimt, as it nedich is, ek op eigen manneboet besluten. It bestjoer leit foar al syn dwaan en litten ferantwurdigje ôf oan de Algemiene Gearkomste.

2. Allinnich it bestjoer, de foarsitter en skriuwer tegearre, of twa ferfangers út it bestjoer, kinne it Boun yn en bûten rjochte fertsjintwurdigje.

Kêst 10

1. De leden fan it bestjoer wurden keazen troch de Algemiene Gearkomste foar de doer fan fjouwer jier en binne dalik opnij te kiezen.

2. Alle jierren geane neffens in troch it bestjoer fêst te stellen roaster, op syn meast twa bestjoersleden ôf en wol sa dat:

- a. fan de foarsitter, skriuwer en ponghâlder nea mear as ien yn 't jier ôfgiet;
- b. by it ôfgean fan de oare bestjoersleden in goede kontinuïteit fan it bestjoer boarge is;
- c. tuskentiids keazen bestjoerders ôfgean op de tiid fan dyjinge, dêr't hja foar yn it plak kommen binne;
- d. om de fjouwer jier alle bestjoersleden ien kear ôfgien binne.

Kêst 11

1. De leden fan it bestjoer krije foar it wurk gjin beleanning. Hja kinne de wierlik makke ûnkosten deklarearje by de ponghâlder fan it bestjoer.
2. De leden fan it bestjoer ha fergees tagong ta alle gearkomsten fan de lidkrite of it moat wêze dat it bestjoer fan in lidkrite oars ornearre hat.

Kêst 12

1. De foarsitter is belêstige mei de lieding fan de bestjoersgearkomsten en de Algemiene Gearkomste. Hy allinne kin immen it wurd jaan en ûntnimme as in sprekker him mei wurden of dieden te bûten giet.
2. De skriuwer is belêstige mei:
 - a. de briefwiksel fan en nei it Boun;
 - b. it argivearjen fan brieven en oare stikken;
 - c. it op de hichte hâlden fan skriuwers fan lidkrite fan Boun's nijs;
 - d. it op de hichte hâlden fan skriuwers fan lidkrite fan wichtige adresferoaringen;
 - e. it tarieden fan de wurklist fan de Algemiene Gearkomste mei it jierferslach fan de aktiviteiten fan it Boun en oare bylagen, alles byinoar garre yn it "Lyts Ambyld";
 - f. it tarieden fan bestjoersgearkomsten mei wurklist en bylagen;
 - g. it kontakt hâlden mei de redaksjes fan de ynformaasjemap en webside.
3. De ponghâlder is belêstige mei:
 - a. it byhâlden fan de ynkomsten en útjeften en belizzingen;
 - b. it meitsjen fan de jierlikse winst- en ferlies rekken en de balâns;
 - c. it foarlizzen fan de jierrekken oan de troch de Algemiene Gearkomste oanwiisde rekkenopnimmers, dy't rapportearje oan de Algemiene Gearkomste;
 - d. it útbringen fan de jierrekken en it útbringen fan in begrutting foar it neifolgjende boekjier oan de Algemiene Gearkomste.
4. Alle net yn dit kêst neamde aktiviteiten fan it bestjoer wurde ferdield ûnder de leden fan it bestjoer. In lid fan it bestjoer kin holpen wurde troch ien fan de oare leden yn it útfieren fan syn taak.
5. Leden fan it bestjoer kinne út namme fan it Boun sit ha yn bestjoeren en kommisjes fan ynstânsjes, ferieningen en oare organisaasjes.

ALGEMIENE GEARKOMSTE

Kêst 13

1. De Algemiene Gearkomste is it heechste orgaan fan it Boun. Besluten yn de Algemiene Gearkomste binne binend foar it hiele Boun yn al syn ûnderdielen, as de besluten nommen binne neffens de wet, Karbrief en dit Húshâldlik Reglemint.
2. Oan de Algemiene Gearkomste komme yn de feriening alle foegen ta, dy't net troch de wet of it Karbrief oan oare organen opdroegen binne.

Kêst 14

1. De Algemiene Gearkomste sil ien kear yn it jier hâlden wurde. Ornaris sil de gearkomste hâlden wurde yn de maitiid. De gearkomste kin hâlden wurde yn gearwurking mei in lidkrite.
2. Yn driuwende gefallen kin it bestjoer in Bûtengewoane Algemiene Gearkomste útskriuwe.

3. Allinnich lidkriter kinne it bestjoer freegje om in Bûtengewoane Algemiene Gearkomste út te skriuwen. It bestjoer is ferplichte deroan te foldwaan as minstens fiif lidkriter soks freegje.
4. De stikken foar in Algemiene Gearkomste en in Bûtengewoane Algemiene Gearkomste moatte minstens fjouwer wiken foartiid yn besit wêze fan de leden, mei fermelding fan plak en begjintiid fan de gearkomste en mei útstellen en oare bylagen. Foar safier nedich moatte de yntsjinne útstellen op de gearkomst taljochte wurde troch it bestjoer, of yn it gefal fan in troch leden oanfrege Bûtengewoane Algemiene Gearkomste, troch de oanfregers.

Kêst 15

1. Rjocht fan it dwaan fan útstellen op de (Bûtengewoane) Algemiene Gearkomste en it stellen fan kandidaten foar in bestjoersplak ha:

- a. it bestjoer;
- b. alle lidkriter;
- c. alle groepen fan 10 of mear fersprate leden.

2. Útstellen en kandidaatstellingen moatte op syn minst acht wiken foar de Algemiene Gearkomste by de skriuwer fan it bestjoer yntsjinne wurde.

Letter ynkommen útstellen en kandidaatstellingen kinne allinnich yn de Algemiene Gearkomste besprutsen wurde as de Algemiene Gearkomste op útstel fan it bestjoer mei meartal dêr ta beslút.

3. Yn needgefallen kin it bestjoer in Bûtengewoane Algemiene Gearkomste, wol of net op fersyk fan de leden, útskriuwe op in koartere termyn as oanjûn stiet yn dit kêst.

Kêst 16

1. De ôffurdigen fan in lidkrite kinne allinne harren stim útbringe op de (Bûtengewoane) Algemiene Gearkomste as hja in lêstbrief oerlizze, dy't ûnderskreaun is troch de foarsitter en skriuwer fan it bestjoer fan harren krite. De yn te foljen lêstbrief wurdt tagelyk mei de wurklist tastjoerd oan de skriuwers fan de lidkriter.

2. As oer persoanen stimd wurde moat, krije de ôffurdigen fan in lidkrite en de fersprate leden op de (Bûtengewoane) Algemiene Gearkomste in sletten slûf mei stimbriefkes.

Op alle stimbriefkes stiet yn letters en/of sifers skreaun it tal stimmen neffens kêst 11 sub 3 fan it Karbrief.

3. In stemming oer persoanen bart mei help fan de útrikte stimbriefkes. In stemming oer saken op in (Bûtengewoane) Algemiene Gearkomste bart mûnling. As nimmen om stemming freget, kin de foarsitter beslute dat besletten wurdt mei algemien goedfinen.

4. Stimbriefkes dy't net goed ynfold binne, binne fan ûnwearde. Fan ûnwearde binne bygelyks net of ferkeard ynfolde stimbriefkes of wannear de namme ferkeard skreaun is.

5. Liedt in stemming oer persoanen twa kear net ta in meartal foar ien fan de kandidaten, dan wurdt wer stimd tusken de twa dy't de measte stimmen ha, of yn it gefal dat mear persoanen de measte stimmen ha mei in gelikens tal, wurdt stimd tusken dy persoanen. As dat ek net slagget, dan wurdt troch lotsjen útmakke, wa't keazen wurdt.

6. Liedt in stemming oer saken net ta in meartal, dan is de saak ôfstimd.

Kêst 17

De kosten fan de akkommodaasje foar in (Bûtengewoane) Algemiene Gearkomste binne foar it Boun. De lidkrite dy't as gasthear fungearret, kin beslute in diel fan it fertar op him te nimmen. De reis- en ferbliuwskosten fan leden nei de (Bûtengewoane) Algemiene Gearkomsten binne foar de leden sels.

Kêst 18

Ta it wurk fan de Algemiene Gearkomste heart ûnder mear it behanneljen fan:

- a. it jierferslach
- b. de jierrekken ynklusyf Sintrale Boekeferkeap (SBF)
- c. it ferslach fan de rekkenopnimbers
- d. de begrutting foar it takommende jier
- e. de útstellen fan it bestjoer
- f. it ferkiezen fan bestjoerders, rekkenopnimbers en oare foar it Boun wurksume persoanen.

SINTRALE BOEKE FERKEAP

Kêst 19

1. It Boun hat in organisaasje, dy't as doel hat it befoarderjen fan it lêzen en fan de stúdzje fan de Fryske taal. Hja ferkeapet Fryske boeken en oare saken yn gearwurking mei de lidkrite.

2. Dy organisaasje hat in saaklike opset en draacht de namme fan Sintrale Boeke Ferkeap, ôfkoarte ta SBF.

3. It bestjoer is ferantwurdlik foar it bewâld oer de SBF. Ien fan de leden fan it bestjoer hat de SBF yn syn oandachtsfjild. Ornaris sil dat de ponghâlder wêze.

4. It bestjoer hat it rjocht in lieder fan de SBF oan te stellen, dy't foar de deistige útfiering ferantwurdlik is en ferantwurdig ôfleit oan it bestjoer.

5. De lieder kriget in troch it bestjoer fêststelde kostefergoeding, dy't foar rekken is fan SBF.

6. Fan de omset fan in lidkrite komt fiif persint oan de lidkrite ta en fan de totale omset komt fiif persint oan it Boun ta.

7.a. De ponghâlder fan it bestjoer fan it Boun hat tafersjoch op de finânsjes fan de SBF.

b. De rekkenopnimbers, dy't beneamd binne troch de Algemiene Gearkomste neffens kêst 12.3c fan dit Húshâldlik Reglemint, kontrolearje yn oanwêzigens fan de ponghâlder fan it bestjoer de finânsjes fan de SBF.

c. Ien kear yn it jier bringt it bestjoer, tagelyk mei de oare finansjele saken, ferslach út oan de Algemiene Gearkomste oer it bewâld en de finansjele útkomsten fan de SBF.

NET FOARSJOEN

Kêst 20

Yn de gefallen dat dit Reglemint gjin ljocht jout, beslút it bestjoer.

WIZIGING FAN IT HUSHALDLIK REGLEMINT

Kêst 21

Dit Húshâldlik Reglemint kin troch de Algemiene Gearkomste mei meartal fan it tal útbrochte jildige stimmen feroare wurde. Dy feroaringen wurde fuortdaliks fan krêft, útsein as de Algemiene Gearkomste oars beslút.